afûk

www.afuk.frl
kursus.afuk.nl
taalweb.frl
taalhelp.frl

Staveringsregels fan it **Frysk**



LEAR MAR FRYSK

Ynhâld yn Nederlânsk en Frysk

1. De letter f
2. De letter s
3. De letters f en v
4. De letters s en z
5. De letter g
6. De letters ch
7. De letter a
8. De letter o
9. De letter e
10. De letters a en o
11. De letters ú en u
12. De letters û en oe
13. De letters y en i
14. De letters ii en i
15. De letters oa
16. De letters oe
17. De letters ie
18. De letters ea
19. De letters ue
20. De letters mei in kapke
21. De letters ai/aai
22. De letters ei
23. De letters ij
24. De letters eu
25. De letters eo
26. De letters eau
27. De letters oai
28. De letters au en ou
29. De letters iuw
30. De letter w
31. De stomme letters
32. –ins en –inz
33. De letters hj
34. yn-
35. De letters kk en ks
36. De letters sj, g, nj en lj
37. De letters k en s
38. De letters ks en kw

Dit boekje mei staveringsregels wurdt jo oanbean mei stipe fan de provinsje Fryslân en de Fryske gemeenten.

© Afûk, 2018

Op de folgjende siden fine jo de staveringsregels.

1. De letter f



Ik seach fiif flinters yn ús tún.

Unthâld dizze regels:

- In Frysk wurd begjint noait mei in v, mar altyd mei in f.
- In Frysk wurd hat op de ein noait in v mar altyd in f.

Onthoud deze regels:

- Een Fries woord begint nooit met een v, maar altijd met een f.
- Een Fries woord heeft aan het eind nooit een v maar altijd een f.

2. De letter s



Der swommen seis swannen yn de feart.

- In Frysk wurd begjint noait mei in z, mar altyd mei in s.
- In Frysk wurd hat op de ein noait in z mar altyd in s.

- Een Fries woord begint nooit met een z, maar altijd met een s.
- Een Fries woord heeft aan het eind nooit een z maar altijd een s.

3. De letters f en v

Myn neef woe it leafst noch hurder drave.

- Yn 'e midden fan in wurd skriuwst watst hearst.

- In het midden van een woord schrijf je wat je hoort.

4. De letters s en z

Myn suske koe wol om de grap gnize.

Unthâld dizze regel:

- Yn ’e midden fan in wurd skriuwst watst hearst.

Onthoud deze regel:

- In het midden van een woord schrijf je wat je hoort.

5. De letter g

By de letter g hearre meardere regels.

Wy grave in gat yn 'e tún.

- In Frysk wurd begjint noait mei ch, mar altyd mei in g.
- Een Fries woord begint nooit met ch, maar altijd met een g.

De fûgel waard oanfallen troch de kat.

- In wurdlid (klankgroep) begjint altyd mei in g.
- Een lettergreep (klankgroep) begint altijd met een g.

Dat doogde lang net

- Foar de d komt noait ch, mar altyd in g.
- Voor de d komt nooit ch, maar altijd een g.

De grienteman moat de appels noch weagje.

- Foar –je skriuwe wy yn in tiidwurd altyd in g.
- Voor –je schrijven wij in een werkwoord altijd een g.

6. De letters ch

By de letters ch hearre meardere regels.

De baarch lei yn 'e modder.

- In Frysk wurd hat op de ein noait in g mar altyd ch.
- Een Fries woord heeft aan het eind nooit een g maar altijd ch.

Ik telde wol acht mosken.

- Foar de t komt noait in g, mar altyd ch.
- Voor de t komt nooit een g, maar altijd ch.

Dy berch is it heechst.

- Foar de s komt noait in g, mar altyd ch.
- Voor de s komt nooit een g, maar altijd ch.

Wy hingje hjoed de flachjes bûten.

- Foar –je skriuwe wy yn in ferlytsingswurd altyd ch.
- Voor –je schrijven wij in een verkleinwoord altijd ch.

7. De letter a

By de letter a hearre meardere regels.

Ien aap ûnder en twa apen yn 'e beam.

Unthâld dizze regels:
- Sit it lange aa-lûd opsletten, dan skriuwe wy aa.
- Wy skriuwe ien a as it lange lûd iepen is.

Onthoud deze regels:
- Zit de lange aa-klank opgesloten, dan schrijven wij aa.
- Wij schrijven één a als de lange klank open is.

Wy pakke it pakje út.

- Sit it koarte a-lûd opsletten, dan skriuwe wy a.
- Makkest in wurd mei in koart lûd langer, dan krijst twa bylûden.

- Zit de korte a-klank opgesloten, dan schrijven wij a.
- Maak je een woord met een korte klank langer, dan krijg je twee medeklinkers.

8. De letter o

By de letter o hearre meardere regels.

Ik hoopje dat de dowen werom fleane.

- Sit it lange oo-lûd opsletten, dan skriuwe wy oo.

- Wy skriuwe ien o as it lange lûd iepen is.

- Zit de lange oo-klank opgesloten, dan schrijven wij oo.
- Wij schrijven één o als de lange klank open is.



Soe de som wol útkomme?

- Sit it koarte o-lûd opsletten, dan skriuwe wy o.
- Makkest in wurd mei in koart lûd langer, dan krijst twa bylûden.

- Zit de korte o-klank opgesloten, dan schrijven wij o.
- Maak je een woord met een korte klank langer, dan krijg je twee medeklinkers.

9. De letter e

By de letter e hearre meardere regels.

Wy drinke in bakje tee op it feest.

- Sit it lange ee-lûd opsletten, dan skriuwe wy ee.
- Wy skriuwe ien e as it lange lûd iepen is.
- Oan de ein fan in wurd skriuwst altyd ee.

- Zit de lange ee-klank opgesloten, dan schrijven wij ee.
- Wij schrijven één e als de lange klank open is.
- Aan het eind van een woord schrijf je altijd ee.

De frou bellet net sa lang mei har man.

- Sit it koarte e-lûd opsletten, dan skriuwe wy e.
- Makkest in wurd mei in koart lûd langer, dan krijst twa bylûden.

- Zit de korte e–klank opgesloten, dan schrijven wij e.
- Maak je een woord met een korte klank langer, dan krijg je twee medeklinkers.

10. De letters a en o

De postboade paste net mear yn syn broek.

- Hearst it o-lûd fan hok en stiet dat foar de s, l, d,t of n?
  Sjoch dan watfoar letter dêr yn it Nederlânsk skreaun wurdt.

- Hoor je de o-klank fan hok en staat dat voor de s,l,d,t of n?
  Kijk dan welke letter daar in het Nederlands geschreven wordt.

11. De letters ú en u

Hy huvere doe't er seach dat der in nút op it menu lei.

- Wy skriuwe in ú as er opsletten sit.
- In iepen u ferliest syn streekje.
- Oan ’e ein fan in wurd krijst altyd in u.

- Wij schrijven een ú als ’ie opgesloten zit.
- Een open u verliest zijn streepje.
- Aan het eind van een woord krijg je altijd een u.

12. De letters û en oe

De teedoek wie noch net drûch.

- Wy skriuwe it oe-lûd mei in û.
- As it Nederlânske wurd oe hat, skriuwe wy yn it Frysk ek in oe.

- Wij schrijven de oe-klank met een û.
- Als het Nederlandse woord oe heeft, schrijven wij in het Fries ook een oe.

13. De letters y en i

Nei it iten fan de nassy seagen we dat it wite knyn fuort wie.

- Wy skriuwe in y as it koarte lûd opsletten sit.
- Wy skriuwe in i as it koarte lûd iepen is.
- Stiet it y-lûd oan de ein? Dan skriuwe wy in y.

- Wij schrijven een y als de korte klank opgesloten zit.
- Wij schrijven een i als de korte klank open is.
- Staat de y-klank aan het eind? Dan schrijven wij een y.

14. De letters ii en i

Fan alle prizen fyn ik dizze priis it moaiste.

- As de lange y opsletten sit, skriuwe wy ii.
- Wy skriuwe in i as it lange lûd iepen is.

- Als de lange y opgesloten zit, schrijven wij ii.
- Wij schrijven een i als de lange klank open is.

15. De letters oa

Hy doarde net yn de boat.

- By de oa hearst twa klanken: de oo en de a.
- It brutsen oa-lûd klinkt as: wa. Nei de brekking skriuwst twa bylûden.

- Bij de oa hoor je twee klanken: de oo en de a.
- De gebroken oa-klank klinkt als: wa. Na de breking schrijf je twee medeklinkers.

16. De letters oe

Doch it huodsje mar yn de koer.

- By de oe hearst twa klanken: de oe en de u.
- It brutsen oe-lûd klinkt as: uo. Nei de brekking skriuwst twa bylûden.

- Bij de oe hoor je twee klanken: de oe en de u.
- De gebroken oe-klank klinkt als: uo. Na de breking schrijf je twee medeklinkers.

17. De letters ie

Hy liet de stiennen nei ûnderen rôlje.

- By de ie hearst twa klanken: de y en de u.
- It brutsen ie-lûd klinkt as: ji. Nei de brekking skriuwst twa bylûden.

- Bij de ie hoor je twee klanken: de y en de u.
- De gebroken ie-klank klinkt als: ji.
  Na de breking schrijf je twee medeklinkers.

18. De letters ea

De beammen binne al wer keal.

- By de ea hearst twa klanken: de ee en de u.
- It brutsen ea-lûd klinkt as: jè. Nei de brekking skriuwst twa bylûden.

- Bij de ea hoor je twee klanken: de ee en de u.
- De gebroken ea-klank klinkt als: jè. Na de breking schrijf je twee medeklinkers.

19. De letters ue

Ik haw in pûde mei lekkere suertsjes.

- De uu komt yn it Frysk net foar, wy skriuwe ue.

- De uu komt in het Fries niet voor, wij schrijven ue.

20. De letters mei in kapke

De âlde man wie drôvich omdat er al sân jier lêst hie fan de rêch.

- In kapke op de o jout oan de klank lang is.
  Wurden mei ô moatst út ’e holle leare.
- In kapke op de e jout oan dat de klank lang is.
- In kapke op de a jout oan dat de klank lang is.
- Foar de –ld en –lt skriuwst altyd in â.
- Foar de –n skriuwst altyd in â.

- Een kapje op de o geeft aan dat de klank lang is.
  Woorden met ô moet je uit je hoofd leren.
- Een kapje op de e geeft aan dat de klank lang is.
- Een kapje op de a geeft aan dat de klank lang is.
- Voor de –ld en –lt schrijf je altijd een â.
- Voor de –n schrijf je altijd een â.

21. De letters ai/aai

De fûgel hat trije aaien lein.

- Wurden mei ai/aai moatst út ’e holle leare.
- Woorden met ai/aai moet je uit je hoofd leren.

22. De letters ei

Der stapte ien ein út de fiver.

- Wurden mei ei moatst út ’e holle leare.
- Woorden met ei moet je uit je hoofd leren.

23. De letters ij

De bij fleach fan blom nei blom.

- As in wurd altyd de ij-klank hat, skriuwe wy de ij mei stipkes.
- Als een woord altijd de ij-klank heeft, schrijven wij de ij met stipjes.

24. De letters eu

Dêr is ferve te keap yn alle mooglike kleuren!

- Wurden mei eu moatst út ’e holle leare.
- Woorden met eu moet je uit je hoofd leren.

25. De letters eo

Dit binne myn bêste freonen.

- Wurden mei eo moatst út ’e holle leare.
- Woorden met eo moet je uit je hoofd leren.

26. De letters eau

Sy woe mar net leauwe dat de jonge my treaun hie.

- Wurden mei eau moatst út ’e holle leare.
- Woorden met eau moet je uit je hoofd leren.

27. De letters oai

Doch dy rotsoai mar yn it jiskefet.

- Nederlânske wurden mei ooi skriuwe wy yn it Frysk mei oai.
- Nederlandse woorden met ooi schrijven wij in het Fries met oai.

28. De letters au en ou

De grouwe kat iet rauwe fisk.

- Wurden mei au moatst út ’e holle leare.
- Wurden mei ou moatst út ’e holle leare.

- Woorden met au moet je uit je hoofd leren.
- Woorden met ou moet je uit je hoofd leren.

29. De letters iuw

It famke skreaude lûd doe't se in liuw seach.

- Wurden dy’t altyd mei de iuw fan liuw útsprutsen wurde kinne, skriuwe wy mei iuw.
- Wy skriuwe allinne oan ’e ein fan de iuw-wurden in w.

- Woorden die je altijd met de iuw van liuw uit kunt spreken, schrijven wij met iuw.
- Wij schrijven alleen aan het eind van de iuw-woorden een w.

30. De letter w

Ik wol sa graach mei dy trouwe sei de frou.

- Tink derom: skriuwst hjir gjin w! (oan de ein en yn de midden fan in wurd)
- Wy skriuwe allinne oan ’e ein fan de iuw-wurden in w.
- Wurdt de klank folge troch in ‘e’ dan sette wy in w dertusken.

- Pas op: je schrijft hier geen w! (aan het eind en in de midden van een woord)
- Wij schrijven alleen aan het eind van de iuw-woorden een w.
- Wordt de klank gevolgd door een ‘e’ dan zetten wij een w ertussen.

31. De stomme letters

‘t bern hie it sa kâld.

- Foar de d en t hearst de l net, mar skriuwst him wol.
- Foar de d, n, s en t hearst de r net, mar skriuwst him wol.
- Der binne noch mear letters yn it Frysk dy't je soms wol skriuwe, mar net útsprekke.

- Voor de d en t hoor je de l niet, maar schrijf je hem wel.
- Voor de d, n, s en t hoor je de r niet, maar schrijf je hem wel.
- Er zijn nog meer letters in het Fries die je soms wel schrijft, maar niet uitspreekt.

32. –ins en –inz

De grinzen geane ticht.

- By –ins en –inz hearst in ee, mar skriuwst him net.
- Bij de –ins en –inz hoor je een ee, maar schrijf je hem niet.

33. De letters hj

Moarn ite wy sâlte hjerring.

- Wurden mei hj moatst út ’e holle leare.
- Woorden met hj moet je uit je hoofd leren.

34. yn-

Wy hawwe hjir in soad lêst fan ynsekten.

- Nederlânske wurden dy’t begjinne mei in- skriuwe wy yn it Frysk mei yn-.
- Nederlandse woorden die beginnen met in- schrijven wij in het Fries met yn-.

35. De letters kk en ks

De akku is alwer leech.

- De cc wurdt yn it Frysk kk of ks.
- De cc wordt in het Fries kk of ks.

36. De letters sj, g, nj en lj

Hy krige in medalje omdat er de grutste sjampinjon kweekt hie.

- De ch skriuwe wy as sj of g (oan it begjin fan wurden).
- De kombinaasje gn skriuwe wy as nj.
- De kombinaasje ll skriuwe wy as lj.

- De ch schrijven wij als sj of g (aan het begin van woorden).
- De combinatie gn schrijven wij als nj.
- De combinatie ll schrijven wij als lj.

37. De letters k en s

Ik wol graach in skyfke sitroen yn myn kola.

- De c wurdt yn Frysk k of s.

- D c wordt in het Fries k of s.

38. De letters ks en kw

Hy hie altyd wol in ekskús om it akwarium net skjin te meitsjen.

- De x bestiet yn it Frysk net, wy skriuwe ks.
- De q bestiet yn it Frysk net, wy skriuwe kw.

- De x bestaat in het Fries niet, wij schrijven ks.
- De q bestaat in het Fries niet, wij schrijven kw.

ein
einde

PRAAT MAR FRYSK